



Bestuursafspraken Fries in de media 2016, Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap

Partijen:

- De Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, handelend als bestuursorgaan en als vertegenwoordiger van de Staat der Nederlanden, hierna te noemen het Rijk, voor zover het zijn verantwoordelijkheid betreft,
- Provincie Fryslân, te dezen rechtsgeldig vertegenwoordigd door gedeputeerde mr. S.A.E. Poepjes, handelende ter uitvoering van een besluit van gedeputeerde staten van Fryslân van 25 oktober 2016 en van de commissaris van de Koning van Fryslân van 1 december 2016, en hierna te noemen de provincie,

Overwegende dat:

- De Friese regionale omroep uitzendt in de Friese taal en daarom een bijzondere taak heeft ten aanzien van het behoud, de bevordering, de ontwikkeling, de overdracht en het levende gebruik van de Friese taal,

het, gelet op:

- de gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht van het Rijk en de provincie voor de Friese taal en cultuur, zoals vastgelegd in artikel 2a van de *Wet gebruik Friese taal*,
- de ondertekening van artikel 11 (Media), eerste lid, onderdeel a, b, c en f, en tweede lid, van het *Europees Handvest voor Regionale Talen of Talen van Minderheden* van de Raad van Europa,
- de ondertekening van het Kaderverdrag voor de bescherming van Nationale Minderheden van de Raad van Europa,
- het Adviesrapport van de Tijdelijke commissie borging Friese taal in de Media (2013), onder leiding van mr. R.J. Hoekstra,
- de brief van de Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap aan de Tweede Kamer van 13 oktober 2014 (Kamerstukken II 2014/15, 32 827, 67),
- het advies van de Stichting Regionale Omroep Overleg en Samenwerking ROOS, *Het nieuwe publieke regionale mediabedrijf: betrokken en betrouwbaar* (2015),
- de brief van de Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap over de toekomst van het mediabeleid van 7 september 2015 (Kamerstukken II 2014/15, 32 827, 78),
- de motie van de leden Heerma en Segers over de bijzondere positie van Omrop Fryslân van 8 oktober 2015 (Kamerstukken II 2015/16, 34 264, 34),
- de motie-Ten Hoeve (OSF) c.s. over het extra waarborgen van de positie en belangen van de Omrop Fryslân binnen de Regionale Publieke Omroep van 1 maart 2016 (Kamerstukken I 2015/16, 34 264, K),
- de brief van de Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap aan de Eerste Kamer van 29 september 2016 met de beantwoording van vragen over de stand van zaken ten aanzien van het wetsvoorstel modernisering regionale publieke omroep (Kamerstukken I 2016/17, 34 264, V),

wenselijk is dat er een volwaardig, zelfstandig en breed programma- en media-aanbod in de Friese taal is, dat op dagelijkse basis beschikbaar is op diverse mediaplatforms, en dat in het mediabestel herkenbaar en geborgd blijft, en

het, in verband met de 'Afspraken Media' tussen Rijk en provincie, zoals vastgelegd in hoofdstuk 4 (Media), paragraaf 4.1 van de *Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2013–2018*, wenselijk is een en ander dienaangaande vast te leggen;

Komen het volgende overeen:

Artikel 1. Bestuurlijke afspraken

1. De bestaande doelstelling van Omrop Fryslân wordt ongewijzigd gehandhaafd, voor zover in overeenstemming met de mediawetgeving.
2. Voor de provincie Fryslân is Omrop Fryslân tot 2 september 2018 door het Commissariaat voor de Media aangewezen als de wettelijke regionale publieke media-instelling.
3. Naast deze aanwijzing wordt aan de stichting Regionale Publieke Omroep (RPO) een concessie



verleend. Zowel de taken van de RPO als het concessiebeleidsplan, de meerjarenbegroting en de prestatieovereenkomst hebben ook betrekking op Omrop Fryslân.

4. In de raad van toezicht van de RPO is deskundigheid op het gebied van de Friese taal en cultuur gewenst.
5. Omrop Fryslân kan, gedurende de periode van aanwijzing als regionale publieke media-instelling voor de provincie Fryslân, op aanvraag jaarlijks een bijdrage krijgen uit de rijksmediabijdrage voor het verzorgen van regionale publieke mediadiensten in Fryslân. De bijdrage voor Omrop Fryslân bedraagt maximaal 7,00% van het totaalbudget voor de regionale omroep en is beschikbaar om een volwaardig media-aanbod in de Friese taal te kunnen realiseren. Deze bijdrage was in 2015 gelijk aan € 11.223.192. In 2017 wordt over het totaalbudget in totaal 17 miljoen euro bezuinigd.
6. In het kader van de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2013–2018 vindt ten minste één maal per jaar overleg plaats tussen de ondertekenaars van deze overeenkomst. Hoofonderwerpen van dit overleg zijn de borging van het Friestalig media-aanbod in het mediabestel en de toekenning van de extra bijdragen ten behoeve van dat aanbod door het Rijk en de provincie.

Inspanning: Rijk/provincie

Artikel 2. Orgaan dat het beleid voor het media-aanbod bepaalt voor Omrop Fryslân

Om in aanmerking te komen voor aanwijzing als regionale publieke media-instelling moeten instellingen krachtens artikel 2.61, tweede lid, aanhef en onderdeel c, van de Mediawet 2008 volgens hun statuten een orgaan hebben dat het beleid voor het media-aanbod bepaalt en dat representatief is voor de belangrijkste in de desbetreffende provincie voorkomende maatschappelijke, culturele, godsdienstige en geestelijke stromingen. Omrop Fryslân heeft derhalve ook een dergelijk orgaan. In het kader van de aanwijzing als regionale publieke media-instelling adviseren provinciale staten van Fryslân het Commissariaat voor de Media, onder andere over de vraag of dat orgaan representatief is als hiervoor bedoeld. In het kader van deze representativiteitstoets letten provinciale staten van Fryslân erop dat in ieder geval één lid een achtergrond heeft op het gebied van de Friese taal en cultuur.

Inspanning: provincie

Artikel 3. Bevordering Friese taal en cultuur in de media

Rijk en provincie voeren een bijzonder beleid ten aanzien van het Friestalig publiek media-aanbod. In concreto betekent een en ander dat er een volwaardig programma-aanbod in de Friese taal is, dat op dagelijkse basis beschikbaar is op diverse platforms. Het Friestalig media-aanbod is van cruciaal belang voor het levende gebruik en de overdracht van de Friese taal. Om die reden vormen kinderen en jongeren een zeer belangrijke doelgroep. Gedurende de looptijd van deze bestuursafspraken, zal bekeken worden welke kansen er zijn als het gaat om de aansluiting tussen het Friestalige programma-aanbod voor kinderen en jongeren (waaronder de Friese schooltelevisie) en de ontwikkeling van digitale lesmethoden en omgevingen voor het (vak) Fries in de voorschoolse periode, het primair onderwijs en het voortgezet onderwijs. Daarnaast zijn in het kader van de volledige en veelzijdige Friese programmering ook de Friestalige documentaires (in casu FryslânDok) van belang, die tevens worden uitgezonden op het landelijke net.

Inspanning: Rijk/provincie

Artikel 4. Verzorgingsgebied Fryslân en regio dekkende zender

Op grond van artikel 2.62 van de Mediawet 2008 is Omrop Fryslân aangewezen als de regionale publieke media-instelling voor de provincie Fryslân. Omrop Fryslân beschikt voor de looptijd van de aanwijzing over een eigen aanbodkanaal voor de provincie Fryslân overeenkomstig artikel 3.6 van de Telecommunicatiewet en artikel 6.13, derde lid, aanhef en onderdeel b, van de Mediawet 2008.

Inspanning: Rijk/provincie

Artikel 5. Financiering

De brede taakopdracht van Omrop Fryslân behoeft een structureel gedifferentieerde financiering en een afzonderlijke benadering bij de bepaling van het noodzakelijke budget. Het Rijk stelt dan ook voldoende middelen ter beschikking voor een volledige en veelzijdige Friestalige programmering op radio, televisie en internet. In concreto gaat het daarbij om de financiering van de reguliere Friestalige



programmering als bedoeld in artikel 1, vijfde lid, van deze bestuursafspraken en (bij het uitwerken van deze bestuursafspraken) om een bijdrage van 1,815 miljoen euro per jaar via de NPO en € 50.000,- per jaar middels een subsidie van het Rijk ten behoeve van de volledige en veelzijdige Friestalige programmering (zie art. 3 van deze bestuursafspraken). De provincie Fryslân stelt jaarlijks een bijdrage van ten hoogste € 655.800,- rechtstreeks ter beschikking specifiek ten behoeve van de realisatie van de volledige en veelzijdige programmering. Op deze wijze waarborgen beide overheden de beschikbaarheid van Friestalg media-aanbod in het publieke bestel. Daarnaast blijft de bovengenoemde extra financiële bijdrage via de NPO beschikbaar voor landelijke Friestalige programmering, naast de rechtstreekse extra bijdrage uit de rijksmediabegroting.

Inspanning: Rijk/provincie

Artikel 6. Financiering op projectbasis

Naast de reguliere financiering van de basisvoorziening regionale omroep kunnen Rijk en provincie op projectbasis middelen aan Omrop Fryslân verstrekken die uitsluitend besteed kunnen worden aan programmaprojecten passend binnen het bijzonder beleid ten aanzien van het Friestalg publiek media-aanbod, zoals omschreven in artikel 3 van deze bestuursafpraak.

Inspanning: Rijk/provincie

Artikel 7. Uitvoering motie Ten Hoeve c.s.

De motie ten Hoeve c.s.¹ verzoekt de regering onder andere om een mediaraad voor Fryslân in te stellen als extra waarborg voor de provincie Fryslân om het belang van de Friese taal, cultuur en identiteit en in het verlengde daarvan de positie van Omrop Fryslân binnen het geheel van de RPO te verzekeren. Voor de stand van zaken ten aanzien van de uitvoering van deze motie wordt verwezen naar de brief van de Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschappen van 7 oktober 2016 aan de voorzitter van de Eerste Kamer² en de plenaire behandeling door de Eerste Kamer van de wijziging van de Mediawet 2008 in verband met aanvullingen bij het toekomstbestendig maken van de landelijke publieke mediadienst.³ Indien het tot dusverre niet bij de Tweede Kamer ingediende wetsvoorstel modernisering regionale publieke omroep⁴ in de toekomst in de huidige vorm dan wel iets aangepast alsnog wordt ingediend, zal de inhoud van deze motie daarin onverkort worden meegenomen.

Inspanning: Rijk

Artikel 8: Inwerkingtreding

Dit convenant treedt in werking op de dag na publicatie in de Staatscourant. De looptijd van dit convenant correspondeert met de duur van de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2013 – 2018 (BFTC). Deze Bestuursafpraak is geldig tot en met 31 december 2018.

Artikel 9: Vertaling en publicatie

1. Dit convenant is opgesteld in de Nederlandse- en in de Friese taal. In geval van verschillen tussen de Nederlandse- en de Friese tekst, is de eerstgenoemde tekst leidend.
2. De tekst van dit convenant wordt in de Nederlandse- en Friese taal gepubliceerd in de Staatscourant.

Artikel 10: Citeertitel

Dit convenant wordt aangehaald als: Bestuursafspraken Fries in de media 2016.

¹ Kamerstukken I 2015/16, 34 264, K.

² Kamerstukken I 2016/17, 34 264, V.

³ Handelingen I 2016/17, nr. 3, item 11, datum vergadering: 11 oktober 2016.

⁴ Zie Kamerstukken I 2016/17, 34 264, V.



Aldus overeengekomen in tweevoud, op 14 december 2016 te Den Haag

*De Staat der Nederlanden,
S. Dekker
Staatssecretaris van Onderwijs Cultuur en Wetenschap*

*De provincie Fryslân,
S.A.E. Poepjes
Gedeputeerde van de provincie Fryslân
Handelende ter uitvoering van een besluit van gedeputeerde staten van Fryslân van 25 oktober 2016
en van de commissaris van de Koning van Fryslân van 1 december 2016.*



Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016

Partijen:

- De Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, hanneljend as bestjoersorgaan en as fertsjintwurdiger fan de Steat fan de Nederlannen, hjirnei te neamen it Ryk, foar safier't it syn ferantwurdlikens oanbelanget,
- Provinsje Fryslân, hjirre rjochtsjildich fertsjintwurdige troch deputearre mr.S.A.E. Poepjes, hanneljende ta útfiering fan in beslút fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 25 oktober 2016 en fan de Kommissaris fan de Kening fan Fryslân fan 1 desimber 2016, en hjirnei te neamen de provinsje,

Oerweagjende dat:

- De Fryske regionale omrop útstjoert yn de Fryske taal en dêrom in bysûndere taak hat op it mêd fan it behâld, de befoarderding, de ûntwikkeling, de oerdracht en it libbene gebrûk fan de Fryske taal,

it, mei it each op:

- de mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht fan it Ryk en de provinsje foar de Fryske taal en kultuer, lykas fêstlein yn kêst 2a fan de *Wet gebrûk Fryske taal*,
- it ûndertekenjen fan kêst 11 (Media), earste lid, ûnderdiel A, B, C en F, en twadde lid, fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden fan de Ried fan Europa,
- it ûndertekenjen fan it Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa,
- it Advysrapport fan de Tydlike kommisje boarging fan de Fryske taal yn de Media (2013), ûnder lieding fan mr.R.J. Hoekstra,
- it brief fan de Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip oan de Twadde Keamer fan 13 oktober 2014 (Keamerstikken II 2014/15, 32 827, 67),
- it advys fan de Stichting Regionale Omroep Overleg en Samenwerking ROOS, *Het nieuwe publieke regionale mediabedrijf: betrokken en betrouwbaar* (2015),
- it brief fan de Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip oer de takomst fan it mediabelied fan 7 septimber 2015 (Keamerstikken II 2014/15, 32 827, 78),
- de moasje fan de leden Heerma en Segers oer de bysûndere posysje fan Omrop Fryslân fan 8 oktober 2015 (Keamerstikken II 2015/16, 34 264, 34),
- de moasje-Ten Hoeve (OSF) c.s. oer it ekstra garandearjen fan de posysje en belangen fan Omrop Fryslân yn de Regionale Publieke Omroep fan 1 maart 2016 (Keamerstikken I 2015/16, 34 264, K),
- it brief fan de Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip oan de Earste Keamer fan 29 septimber 2016 mei de beândering fan fragen oangeande de stân fan saken fan it wetsútstel *Modernisering regionale publieke omroep* (Keamerstikken I 2016/17, 34 264, V),

winsklik is dat der in folweardich, selsstannich en breed programma- en media-oanbod yn de Fryske taal is, dat op deistige basis beskikber is op ferskate mediaplatforms, en dat yn it mediabestel werkenber en boarge bliuwt, en

it, yn ferbân mei de 'Ofspraken Media' tusken Ryk en provinsje, lykas fêstlein yn haadstik 4 (Media), paragraaf 4.1 fan de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013 -2018*, winsklik is ien en oar datoangende fêst te lizzen;

Komme it neikommende oerien:

Kêst 1. Bestjoerlike ôfspraken

1. De besteande doelstelling fan Omrop Fryslân wurdt sûnder wizigings hanthavene, safier't it yn oerienstimming is mei de mediawetjouwing.
2. Foar de provinsje Fryslân is Omrop Fryslân oant 2 septimber 2018 troch it Kommissariaat foar de Media oanwiisd as de wetlike regionale publike media-ynstelling.
3. Neist dy oanwizing wurdt oan de stichting Regionale Publike Omroep (RPO) in konsessy ferliend. De taken fan de RPO likegoed as it konsessybeliedsplan, de mearjierrenbegrutting en de prestaasje-oerienkomst binne ek fan tapassing op Omrop Fryslân.
4. Yn de rie fan tafersjoch fan de RPO is saakkundigens op it mêd fan de Fryske taal en kultuer winsklik.
5. Omrop Fryslân kin, de hiele perioade fan oanwizing as regionale publike media-ynstelling foar de provinsje Fryslân, op oanfraach alle jierren in bydrage krije út de ryksmediabydrage foar it fersoargjen fan regionale publike mediatsjinsten yn Fryslân. De bydrage foar Omrop Fryslân is maksimaal 7,00% fan it totaalbudzjet foar de regionale omrop en is beskikber om in folweardich media-oanbod yn de Fryske taal realisearje te kinnen. Dy bydrage wie yn 2015 gelyk oan € 11.223.192. Yn 2017 wurdt oer it totaalbudzjet yn totaal 17 miljoen euro besunige.



6. Yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013 – 2018 sil der teminsten ien kear yn it jier oerlis wêze tusken de ûndertekeners fan dizze oerienkomst. Haadûnderwerpen fan dat oerlis binne it fêstlizzen fan it Frysktalige media-oanbod yn it mediabestel en de takenning fan de ekstra bydragen dy't bedoeld binne foar dat oanbod troch it Ryk en de provinsje.

Ynspanning: Ryk/provinsje

Kêst 2. Orgaan dat it belied foar it media-oanbod fêststelt foar Omrop Fryslân

Om yn 'e beneaming te kommen foar oanwizing as regionale publike media-ynstelling moatte ynstellings op grûn fan kêst 2.61, twadde lid, oanhef en ûnderdiel c, fan de Mediawet 2008 neffens har karbrief in orgaan hawwe dat it belied foar it media-oanbod fêststeld en dat represintatyf is foar de wichtichste yn de oanbelangjende provinsje foarkommende maatskiplike, kulturele, godstsjinstige en geastlike streamings. Omrop Fryslân hat sadwaande ek sa'n orgaan. Yn it ramt fan de oanwizing as regionale publike media-ynstelling advisearje provinsjale staten fan Fryslân it Kommissariaat foar de Media, ûnder oaren oer de fraach oft dat orgaan represintatyf is as hjirfoar bedoeld. Yn it ramt fan dizze represintativiteitstoets tinke provinciale steaten fan Fryslân der om dat yn alle gefallen ien lid in eftergrûn hat op it mêd fan de Fryske taal en kultuer.

Ynspanning: provinsje

Kêst 3. Befoarding Fryske taal en kultuer yn de media

Ryk en provinsje fiere in bysûnder belied oangeande it Frysktalich publyk media-oanbod. Feitlik betsjut soks dat der in folweardich programma-oanbod yn de Fryske taal is, dat op deistige basis beskikber is op ferskate platfoarms. It Frysktalich media-oanbod is fan krúsjaal belang foar it libbene gebrûk en de oerdracht fan de Fryske taal. Om dy reden binne bern en jongerein in tige wichtige doelgroep. De hiele rintiid fan dizze bestjoersôfspraken, sil besjoen wurde hokker kânsen der binne, as it giet om de oansluting tusken it Frysktalige programma-oanbod foar bern en jongerein (dêrûnder de Fryske skoaltelevyzje) en de ûntwikkeling fan digitale lesmetoaden en fermiddens foar it (fak) Frysk yn de foarskoalske perioade, it primêr ûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Dêrneist binne yn it ramt fan de folsleine en alsidige Fryske programmearring ek de Frysktalige dokumintêres (in casu FryslânDok) fan belang, dy't tagelyk op it lanlike net útstjoerd wurde.

Ynspanning: Ryk/provinsje

Kêst 4. Fersoargingsgebiet Fryslân en regiodekkende stjoerder

Op grûn fan kêst 2.62 fan de Mediawet 2008 is Omrop Fryslân oanwiisd as de regionale publike media-ynstelling foar de provinsje Fryslân. Omrop Fryslân beskikt foar de rintiid fan de oanwizing oer in eigen oanbodkanaal foar de provinsje Fryslân neffens kêst 3.6 fan de Telekommunikaasjewet en kêst 6.13, tredde lid, oanhef en ûnderdiel b, fan de Mediawet 2008.

Ynspanning: Ryk/provinsje

Kêst 5. Finansiering

De brede taakopdracht fan Omrop Fryslân hat in struktureel differinsjearre finansiering en in ôfsûnderlike benadering by de bepaling fan it needsaaklike budzjet nedich. It Ryk stelt dan ek foldwaande middels beskikber foar in folsleine en alsidige Frysktalige programmearring op radio, telefyzje en ynternet. Feitlik giet it dêrby om de finansiering fan de reguliere Frysktalige programmearring lykas bedoeld yn kêst 1, fyfde lid, fan dizze bestjoersôfspraken en (by it útwurkjen fan dizze bestjoersôfspraken) om in bydrage fan 1,815 miljoen euro it jier fia de NPO en € 50.000,- it jier troch in subsydzje fan it Ryk foar de folsleine en alsidige Frysktalige programmearring (sjoch kêst 3 fan dizze bestjoersôfspraken). De provinsje Fryslân stelt alle jierren in bydrage fan op syn heechst € 655.800,- streekrjocht beskikber spesifyk foar de realisaasje fan de folsleine en alsidige programmearring. Op dy wize lizze beide oerheden de beskikberens fan Frysktalich media-aanbod yn it publike bestel fêst. Dêrneist bliuwt de boppeneamde ekstra finansjele bydrage fia de NPO beskikber foar lanlike Frysktalige programmearring, neist de streekrjochte ekstra bydrage út de ryksmediabegutting.

Ynspanning: Ryk/provinsje

Kêst 6. Finansiering op projektbasis

Neist de reguliere finansiering van de basisfoarsjenning regionale omrop kinne Ryk en provinsje op projektbasis middels oan Omrop Fryslân jaan dy't allinne bestege wurde kinne oan programmaprojek-



ten dy't passe by it bysûnder belied oangeande it Frysktalich publyk media-oanbod, lykas omskreaun yn kêst 3 fan dizze bestjoersôfspraak.

Ynspanning: Ryk/provinsje

Kêst 7. Útfiering moasje Ten Hoeve c.s.

De moasje ten Hoeve c.s.⁵ fersiket it regear ûnder oaren om in mediarijed foar Fryslân yn te stellen as ekstra garânsje foar de provinsje Fryslân om it belang fan de Fryske taal, kultuer en identiteit en yn it ferlingde dêrfan de posysje fan Omrop Fryslân yn it gehiel fan de RPO te fersekerjen. Foar de stân fan saken oangeande de útfiering fan dizze moasje wurdt ferwiisd nei it brief fan de De Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip fan 7 oktober 2016 oan de foarsitter fan de Earste Keamer⁶ en de plenêre behanneling troch de Earste Keamer fan de wiziging fan de Mediawet 2008 yn ferbân mei oanfolgings by it takomstbestindich meitsjen fan de lanlike publike mediatsjinst.⁷ As it oant no ta net by de Twadde Keamer yntsjinne wetsútstel modernisearring regionale publike omrop⁸ yn de takomst yn de hjoeddeistige foarm dan wol wat oanpast no noch yntsjinne wurdt, sil de ynhâld fan dizze moasje dêr ûnferkoarte yn meinaam wurde.

Ynspanning: Ryk

Kêst 8: Ynwurkingtreding

Dit konvenant wurdt op de dei nei publikaasje yn de Staatscourant fan krêft. De rintiid fan dit konvenant korrespondearret mei de rintiid fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 (BFTK). Dizze Bestjoersôfspraak is jildich oant en mei 31 desimber 2018.

Kêst 9: Oersetting en publikaasje

1. Dit konvenant is opsteld yn de Nederlânske en yn de Fryske taal. Yn gefal fan ferskillen tusken de Nederlânske en de Fryske tekst, is de earstneamde tekst liedend.
2. De tekst fan dit konvenant wurdt yn de Nederlânske en Fryske taal publisearre yn de Staatscourant.

Kêst 10: Siteartitel

Dit konvenant wurdt oanhelle as: Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016.

Sa oerienkommen yn twafâld, op 14 desimber 2016 te De Haach

*De Steat fan de Nederlannen,
S. Dekker
Steatssiktaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip,*

*De provinsje Fryslân,
S.A.E. Poepjes
Deputearre fan de provinsje Fryslân
Hanneljende ta útfiering fan in beslút fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 25 oktober 2016 en fan de
Kommisaris fan de Kening fan Fryslân fan 1 desimber 2016.*

⁵ Keamerstikken I 2015/16, 34 264, K.

⁶ Keamerstikken I 2016/17, 34 264, V.

⁷ Handelingen I 2016/17, nr. 3, item 11, datum gearkomste: 11 oktober 2016.

⁸ Sjoch Keamerstikken I 2016/17, 34 264, V.